

Taal en godsbegrip foarmje yn it Jodendom in net te skieden ienhyd. Talmoedisten geane der fan út dat God, de Ieuwige, Himsels en Syn skepping yn Syn taal iepenbieret. En dy taal is âld-Hebreeuwsk. Dat is de earste taal dêr't alle talen letter út útstien binne, mar as foarming. De oare en lettere talen, dêr't Syn Wurd, yn oerset is, jowe syn bedoelings dus net mear wer yn krekte sin. En dat wurdt nochris dúdlik as metafoar werjûn yn 'e skiednis fan de toer fan Babel, dy't seit dat men, as men God en syn oanwizings net mear folgje wol, men ôfslúten wurdt fan de boarne. Dêrtsjinyn komt ein'e ein fan de 18de ieu de filosoof en filolooch Herder yn ferhef, mei in totaal oar útgongspunt: alle talen binne God's lykweardige skeppingsfoarmen en ûnderskiedene paden nei syn iepenbierings.

Johann Gottfried Herder heart by it trijetal grutte geasten út de decennia krekt foar en nei 1800: foar him wie Immanuel Kant, nei him kaam Georg Friedrich Wilhelm Hegel. Allegearre filosofen dy't bysteat wiene om in wrâldomfiemjende gedachte yn in logysk konsistent begripesysteem út te wurkjen. En dat mei in konsintraasje en dissipline dy't hja yn, sis, tweintich tsjokke dielen mei in pinne dellein koene. Dizze Herder wie fan grutte ynfloed op de renaissance fan de saneamde 'lytse folken' yn Midden en East-Europa. Noch altiten is hy, ek foar leken, goed te lêzen troch syn poëtyske en byldzjende taal.

Dat wurdt lykwols net dien want Idealistyske Metafysica is taboe op ús filosofyske fakulteiten, safier't dy noch besteane. Us fragen binne praktysk lykas yn it téma fan fan'e middei: 'hoe kinne wy it Frysk in plak jaan yn'e tsjerke'. En dan wolle wy in praktysk tapasber antwurd.

Mar wy stelle net sa gau mear fragen as: wat is de rol fan in beskate taal yn it oerdragen fan it wurd fan'e Bibel en it tapassen fan dat wurd yn de sielsoarch. Is der ûnderskie yn wat taal dêrfoar brûkt wurdt.

As tarieding op it antwurd wol ik werom nei de âlde boarnen út de tiid fan it idealistysk tinken. Dat is it tinken dat de ierdske en materiële wurklikhyd fuortkomt út in geastlike wurklikhyd, in Idee. De Bibel is sa'n Idee. En neffens Herder is de taal fan'e Bibel de kaai om de wurden en dêrmei God's bedoelings te begripen. Gjin akademyske geleardenwyshyd want dat is falske en negative Weltweisheit. Al, analogische Erfindungskraft, de krêft om bestjuttingen fia analogieën te ûntdekken. Gjin analysearjend objektive analyse, mar subjektyf sensualisme.

Dat stânpunt hat gefolchen foar de wurdearring fan de taal. Herder miende dat de oarspronklike talen, dy fan de jagers, de fiskers en fan de earste boeren de wêzenlike gefoelens útdrukke dy't de minske ûndergong yn syn moeting mei de natuer en dus mei God's skepping. De oertalen drukke dy emoasjes út yn klanken, yn mesyk en ek yn gjalpen want dy oertalen en de minske fan doe fansels likegoed, koene net de letter ûntstiene abstracta brûke as middels om ta begryp te kommen. De taal fan dit earste pre-noachidische minskegeslacht, fan herders en jagers, kaam Herder noch altiten tsjin yn Genesis, yn Beresjiet. Hy beskreau harren taal yn Aelteste Urkunde des Menschengeschlechts (1774/6) en Vom Geist der ebräischen Poesie (1782/3). Dy Dichtung fan it Alde Testamint wie neffens Herder in foar it hiele minskdom, ús allegearre, net te oertreffen foarbyld fan de wize dêr't de earste minsken de godlike skepping yn leard hawwe te beneamen, trochfielen en begripen. Dat koe allinnich yn in dizze taal dy't eins Form, Klang, Ton, Melodie, Rythmus is. Dy oarspronklike taal waard letter loslitten en ferfoarme yn'e kultuer, earst fan boeren en fan hânwerkers, noch letter yn'e stêdskultuer. Úteinlik dan yn ús moderne taal, de abstrahearjende taal fan technisy, wittenskippers en rjochtsgelearden dy't no ienkear net mear fiele yn de natuer, mar de natuer beskriuwe as wurklikhyd dy't bûten harren stiet. En dat dogge mei in selsmakke taal, in kultuertaal. Mar de moderne minske ûntriedselet sadwaande as tovenaarslearling de geheimenissen fan'e skepping en nimt de rol fan de Skepper oer om ferfolgens te stroffeljen oer syn ûnbegrip fan de wêzentlike skepping. Sa ûntwikkele hy de keunstmjittige moderne wrâld en makke dizze ta wurklikhyd, ta pseudo-wurklikhyd. Us taal is analytysk styleard, abstrahard, losmakke fan in direkte ûnderfining mei de natuer en neffens Herder yn dy sin bûten it kontakt mei de oerboarne

rekke.

Herder gong lykwols fierder as Genesis, as Beresjiet en miende dat men de oarspronklike taal noch altyd tsjinkomme kin, bewarre as hja leit yn 'e folkstalen. Syn yn hiele Europa bekend wurden samling folksferhalen en -lieten *Stimmen der Völker in Liedern* (1778/9) tsjûget dêrfan. Ik tink dat Halbertsma syn Riemen en teltsjes der in heale ieu letter ek noch fan tsjûgje. Foar Herder wie syn samling in tsjûgenis fan hoe't taalklanken as oereleminten fan de taal, letter ta wurden útgroeid binne, kombinearre yn gearstallingen, fral yn metafoaren, byldspraken dy't it minsklike dwaan en litten ferbine mei de wetten fan 'e natuer. Yn de folkstalen praat de minske yn bylden en bliuwt-er ticht by syn oarsprong en wêzen.

Net allinich it âld-Hebreeuwsk mar alle folkstalen binne lykweardige farianten út de Godlike skeppingsboarne en tegearre foarmje hja it palet fan Syn skepping. Alle folken ferwurdzje in beskaat aspekt fan de skepping. Elke taal hat dêryn dus in oare eigen kleur. Elk folk hat syn eigen histoarysk mienskiplike ûnderfinings dellein in it kollektive geheugen fan syn eigen taal. Yn ferhalen, yn byldspraak, yn dichten en lieten. En om't ek elk folk in oare ûntwikkeling meimakke hat, jout elke taal in spesifike wjerslach fan dy ûntwikkelingsgong: koart troch de bocht en op it heechste nivo fan taalûntwikkeling binne dat wurden: it Gryks fan de esthetica, it Latyn fan it rjocht, letter it Ingelsk fan de technyk, it Dútsk fan de ethica (Kant) en de maatskiplike en steatkundige organisaasje (Hegel). Meiïnoar is dit it credo fan Herder en syn tiidgenoaten yn har opfetting fan de universele humaniteit, en dat is net dy fan de Ingelskpratende kosmopolyt fan hjoeddedei, mar fan alle folken meiïnoar, yn it achtsjen fan harren talen as lykweardige grûnsbegjinsels yn God's skeppingsplan.

Oant no ta haw ik gedachten gearfette, dy't 'âld' hjitte meije. Mar hja hawwe grutte ynfloed han, ek yn Fryslân, alhoewol't de boarne te úzes net by namme bekind wurden is. Fragen binne lizzen bleaun.

Spruts en sprekt it Frysktalige Bibelwurd oars en yn wat foar sin oars?

Is it ûndergean fan jins libbenswei oars, as dizze yn it Frysk ferwurde wurdt yn pastoraal en, sa net, ek yn in terapeutysk kontakt?

Is it werbelibjen fan âlde ervarings yn de taal dêr't men yn dizze ûndergien hat djipgeander en direkter?

Hoe wurket twataligens rasjoneel en emoasjoneel by Frysktaligen en hoe ûntjout him dat by de jongere ginneraasjes.

Koartsein, wat hat it Frysk as medium oan Frysktaligen mear te bieden as it Nederlânsk as medium dat hja op lettere leeftyd learden, ek al is dy lettere taal yn in soad gefallen ta earste taal wurden.

Wurdt der dan yn it Frysk wat oars útdrukt as yn it Nederlânsk, of, as men oan de takomst tinkt, as yn it Ingelsk.

En ek as wy de gedachtengong fan Herder net mear folgje, bliuwt hja ta ús ynspriraasje.

En de útkomsten fan de psycholinguïstyk en harsenneurology kinne de moderne minske fernúverje mei parallellen út Herder syn 'âlde' tinken.